FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan de leden fan Provinsjale Steaten
en it Kolleezje fan Deputearre Steaten
Provinsjehûs
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
9800 HM LJOUWERT

Drachten, 26 febr. 2005

Underwerp: nei in Fryskeigen ‘kanon’ yn it ûnderwiis as utering fan ús kulturele identiteit

Achte leden fan Provinsjale Steaten en fan it Kolleezje fan Deputearre Steaten,

Al sûnt 1997 besykje wy om it belang dúdlik te meitsjen fan in *kultuerpedagogyske* diskusje as grûnslach foar it gearstallen fan learplannen en learmiddels dy’t relevant binne foar it *Frysk* en de Fryske *kultuer*. Dus foar de Fryske *identiteit*. De VLLT hat yn ’e mande mei de FFU en it Pedagogyske Wurkferbân dêr in pear jier lyn in stúdzjejûn oer belein. Boppedat hat de VLLT, seksje Frysk, deputearre S. Jansen dêroer oanskreaun (brief d.d. 5-7-2001). It taalsintrum Frysk fan GCO *fryslân* seach, sa hat bliken dien, it nut derfan yn. En by inkelde gelegenheden krigen wy it idee dat deputearre Mulder en guon amtners (de hearen Willemsen en Kooistra) der goedwillich foaroer stiene.

Underwilens is der troch middel fan projektgroepen en oare maatregels, ek mei help fan de Provinsje, wol it ien en oar oan learmiddels ferskynd, almeast op ynsidintele of ad hoc-basis. Alle wurdearring. Dôchs tinke wy dat de *diskusje* oer de ynhâlden in *permaninter* en *struktureler* karakter krije moatte soe.

In pear jier lyn hat it Cito trije *domeinbeskriuwings* foar it basisûnderwiis ferskine litten op it mêd fan de skiednis, de ierdrykskunde en it natoerûnderwiis dy’t it resultaat binnen fan sa’n *strukturele* diskusje. Dy binne (mei) rjochtingjaand foar wat útjouwers op ’e merk bringe. Yn Fryslân kinne wy net tefreden wêze oer dy publikaasjes, omdat se net of amper hannelje oer de *Fryske* skiednis, de *Fryske* ierdrykskunde en de *Fryske* natoer. Oer it fuortset ûnderwiis leit der noch hielendal neat.

Yn jimme brief fan 4 okt. 2001 oan de steatssiktaris fan Ynlânske Saken, drs. G.M. de Vries, hawwe jimme dan ek mei rjocht skreaun: ‘De Friese cultuur en geschiedenis is een onderdeel van de Nederlandse cultuur en geschiedenis. De ECE [saakkundigen fan de Ried fan Europa] constateeert echter dat de Friese geschiedenis en cultuur, met als enige uitzondering het primair onderwijs, in de meeste onderwijssectoren helemaal niet aan de orde komt.’

En dat soe al moatte as wy nei de letter en de geast sjogge fan kêst 8 (earste lid, ûnderdiel g) fan it *Europeeske Hânfest foar Regionale talen of Minderheidstalen*: ‘regelingen te treffen om het onderwijs in de geschiedens en cultuur die in de [Friese taal] haar weerspiegeling vindt, te waarborgen’.

De Provinsje hat ûnderwilens mei it Ryk ôfpraat dat der al yn de perioade oant 2004 Frysktalich ûnderwiislearmateriaal wêze sil om it brûken fan it Frysk as fiertaal (ynstruksjetaal) by fakken as *wrâldoriïntaasje*, *biology*, *skiednis*, *fersoarging* en *kultueredukaasje* te stypjen, eventueel ek as ICT-tapassings (ferl. Van der Goot, *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden 1999-2001*, 2003, 82). Dêrby lêze wy neat oer de winsklikens fan in *proseduere* om dat materiaal op in ferantwurde wize *kultuerpedagogysk* te ûnderbouwen.

Dat is nammerste mear needsaaklik, omdat kearndoelen *te globaal* binne en fakdidaktisy net folle hâldfêst biede as it giet om de sintrale fraach hokfoar *ynhâlden* oft de muoite wurdich binne om oer te dragen (ferl. bgl. *Geschiedenis voor de basisschool, Een domeinbeschrijving als resultaat van een cultuurpedagogische discussie*, Cito, 9). Dôchs stelle makkers fan kearndoelen, fan leardoelen en fan lanlike toetsen mei rjocht de fraach nei de meast *winsklike* ynhâlden op it nivo fan *algemiene* foarming foar *eltsenien* yn Nederlân.

Noch skerper formulearre giet it om de fraach hokfoar *ynsjoggen* oft bern nedich hawwe om aanst folweardich oan 'de' maatskippij dielnimme te kinnen. Dy fraach moat neffens ús ek steld wurde as it giet om 'algemiene' foarming foar de *Fryske* maatskippij. Of moatte wy út in lanlik perspektyf wei prate fan 'spesifike' foarming? Hoe't it ek sit, it net (goed) beänderjen fan dy fraach kin maklik ta *willekeur* liede as it giet om de *ynhâld(en)* fan learmiddels en dus ek fan *Fryske* en *Frysktalige* learmiddels. En dat soene wy net wolle moatte.

Nei in 'Nederlandse canon'
Underwilens hat de Onderwijsraad oan de minister en steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip koartlyn syn advys *Stand van educatief Nederland* (17-01-2005) oanbean. De ried konkludearret dat der yn it Nederlânske ûnderwiis te min omtinken is foar de *sosjalisaasjetaak*, dêr't it bybringen fan *kultureel* en *histoarysk* besef ek ûnder falt. Dêrby heart ek omtinken foar 'onze *culturele identiteit*'. Soks moat neffens de ried liede ta in moderne ynfolling fan *boargerskip* en oan de oerdracht en fierdere ûntjouwing fan it *kultureel erfgoed*. De ried wol de relevânsje fan it ûnderwiis foar de maatskippij fersterkje troch te kommen ta in nije 'kanon' foar it ûnderwiis. It giet dan om weardefolle ûnderdielen fan 'onze cultuur en geschiedenis die we nieuwe generaties via het onderwijs willen meegeven'. De ried achtet dy 'kanon' fan belang foar de *hiele* maatskippij en net allinnich foar in elitêre groep, Dy kanon soe likegoed *konservearjend* as *fernijend* fan aard wêze moatte (*De stand [...]*, 12-13).

De ried tinkt dat de kanon bestean moat út trije ûnderdielen dy't nau oaninoar ferbûn binne: (1) in gehiel fan *ynhâlden*, (2) in *argumintaasje* by dy ynhâlden en (3) in *metoade* om ta periodike *bystelling* fan de ynhâlden en de argumintaasje te kommen. De ried sjocht de kanon net as in 'permanent *gegeven*, ze is eerder een *permanent* en *goed gestructureerd debat*' (*Ibid.*, s. 120).

Neffens ús is soks in eigen omskriuwing fan de ried fan wat wy earder altiten in *kultuerpedagogyske diskusje* neamd hawwe. Wy tinke sels dat de ried hjir skatplichtich is oan de *kultuerpedagogyk*, mar it begryp net neame wol. Hoe't it ek sit, de ried stelt, krekt as de kultuerpedagogyk, foar om sa'n kanon út te drukken yn *learynhâlden* - dus net yn de foarm fan 'doelen'!- en sa heart it ek. Leargebieten, fakken en dissiplinen dy't dêr in bydrage oan leverje moatte, binne it *taalûnderwiis* (wêrûnder *literatuer*), de *skiednis*, *wrâldoriïntaasje*, *maatskippijlear*, *kultuer* en *keunstsinnige foarming* en *wittenskipsûntwikkeling*. Mar ek learynhâlden yn de sfear fan de *geografy* en *technyk* (de ried neamt de Beemster as *kultureel erfgoed*, wy soene it Waad neame kinne) kinne in part fan de kanon wurde (*Ibid.*, s. 120).

De ried tinkt dat net alle *learynhâlden* foarskreaun wurde moatte yn it ûnderwiis. Dochs sil, alwer neffens de ried, in part fan de kanon (ynhâlden) ta utering komme moatte yn *kearndoelen* en *eksamenprogramma's*. In oare laach fan *ynhâlden* sil in reade tried biede moatte foar it ûnderwiis *bûten* it *kearn*kurrikulum. Fierders is der noch in tredde laach, dy't fierder giet as it ûnderwiis (*Ibid.*, s. 121).

Neffens de ried soe de *Minister* de ûnderdielen fan de kanon *fêststelle* moatte dy't yn kearndoelen en eksamenprogramma's nei foaren komme. Op it stik fan de twa oare lagen hat de Minister *gjin* wetlik foech. Dochs kin de Minister, as it oan de ried leit, 'het geheel als een belangrijke nationale streefrichting en richtsnoer aan het onderwijsveld ter beschikking stellen' (*Ibid.*, s. 13, 121).

Nei in Fryske 'kanon'
Nei it sketsen fan dit steatsnasjonaal ûnderwiiskundich ramt, komme wy ta ús fraach oan jimme kolleezje. Hoe sil de Provinsje him, as earstferantwurdlike foar de Fryske taal en kultuer, opstelle yn dit gehiel? Bygelyks as it om in ûnderdiel as *skiednis* giet.
- Sil de Provinsje oanfiere dat de *âlde skiednis* fan wat no Nederlân hyt, foar in grut part Fryske skiednis is en dat soks in ûnderdiel foarmje moat fan de steatsnasjonale, lanlike *kearn*doelen en *eksamen*programma's, dus fan in ferplichte *kearn*kurrikulum?
- Sil de Provinsje oanfiere dat de *hiele* Fryske skiednis boppedat in part wêze moat fan in *differinsjeel*, yn Fryslân *ferplichte*, Frysk skiedniskurrikulum? Foar bygelyks learlingen fan njoggen/tsien oant de ein fan de learplicht en as ûnderdiel fan de skiedniseksamens fan de skoallen yn Fryslân? En dat it Frysk dêr de fier- en ynstruksjetaal by wêze moat?

Us tinkt dat beide it gefal wêze moat. Wy steane der by jimme op oan om yn Fryslân sa gau mooglik wurk te meitsjen fan it *permaninte* en *goed strukturearre debat*, dus fan de *kultuerpedagogyske diskusje*, as it giet om in *Fryskeigen* 'kanon' op alle troch de ried neamde mêden. Wy tinke dat de tiid no, nei it útkommen fan it advys fan de Onderwijsraad, echt begjint te driuwen.

Provinsjaal foech foar de Fryske taal en kultuer
It *Berie foar it Frysk* hat jimme koartlyn advisearre (advys fêststeld yn de Berie-gearkomste fan 19 novimber 2004) oer de winsklikens fan in *spesifyk foech* foar de Provinsj*e oangeande it ûnderwiis yn it Frysk*. Wy achtsje sa'n foech in needsaak, net allinnich foar it *Frysk*, mar ek foar de Fryske *kultuer*, dus foar it ûnderwiis yn de 'Fryske taal èn kultuer'. De ferantwurdlikheid foar taal en kultuer yn it ûnderwiis sil opnommen wurde moatte yn in ferskaat fan wetten en wetlike maatregels (AMfB). It Berie neamt in hiel rychje. Dêr soene de leargebieten, fakken en dissiplinen dy't de *Onderwijsraad* neamt, dus mêden mei in foar it Frysk en Fryslân *identiteits*- en *kanongefoelich* karakter, ek ûnder falle moatte. As de Provinsje sa'n foech net krije kin as it giet om de ynfloed op in (lanlik ferplichte) *kearn*kurrikulum, dan soe dat op syn minst in provinsjaal foech wêze moatte foar in yn Fryslân ferplichte *differinsjeel* kurrrikulum (dat foar 'Fryslân' dus ek wer 'algemien' is), ta utering kommend yn *ynhâlden*, *doelen* en *eksamens.*

Nei in 'kanon' foar de Fryske skiednis
Foar it fak *skiednis* hat drs. K. Huisman al in stik foarwurk dien as it giet om in *kanon* foar de *Fryske* skiednis dy't bydraacht oan de ûntwikkeling en beskerming fan de Fryske identiteit. In *gearfetting* dêrfan komt (begjin 2005) yn it histoarysk tydskrift *Fryslân* ûnder de titel *'Heech tiid foar in 'canon' fan de Fryske skiednis en kultuer'*. Huisman syn ûntwerp-tekst foar in *hiele kanon* fan de Fryske skiednis foegje wy as bylage ta oan dit brief. Wy hoopje dat jimme dy mei niget lêze sille.

By it einsluten
Wy soene graach fan jimme fernimme:

a. hoe't jimme tinke oer ús idee fan en útstel foar in troch de Provinsje organisearre en fasilitearre *strukturele* en *permaninte kultuerpedagogyske* diskusje oer de fraach wat - yn prinsipe - alle learlingen yn Fryslân witte en kinne moatte as it giet om it hoedzjen en noedzjen fan ús *identiteit* op it mêd fan taal en kultuer, dus om de Fryskeigen 'kanon' foar ûnderskate leargebieten en skoaltypen;
b. hokfoar aktiviteiten oft jimme dêrfoar ûndernimme wolle en sille om dy 'kanon' in goed plak te jaan yn ús provinsjale ûnderwiis;
c. wat jimme tinke fan de – neffens ús tige weardefolle – bydrage fan drs. K. Huisman en hoe't jimme dêr eventueel gebrûk fan meitsje wolle yn it ramt fan sa'n oanpak.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

S.T. Hiemstra,
skriuwer FFU

Bylage:
- Untwerptekst foar in 'canon' Fryske skiednis (drs. K. Huisman)

Ofskriften:
- Berie foar it Frysk
- Konsultatyf Orgaan
- Parse